



Dy fûle winters

Hjoed is it 17 desimber. Niiskrekt seach ik yn it plantsoen pearsblauwe blommen stean te bloeien dy 't je oars inkeld yn 'e simmer sjogge. Fan dy oermjittige simmerbloeiens, wylst it notabene desimber is! Sinteklaas hat al west en it is hast Kryst, mar bûten liket it bytiden wol maitiid. Neame se dat no klimaatferoaring? It moat dochs net gekker wurde mei dat waar!

Jou my de winters fan eartiids mar. Wekker wurde mei it skitterjen fan iisblommen op 'e ruten. Dan dûkten je mei de kâlde noas noch eefkes wat fierder ûnder de tekkens foar 't je je fan bêd ôf weagen.

As der in protte snie lei, makken we glydbaantsjes oan 'e ein fan 'e dyk. En wy gongen mei de slide nei de heide om fan 'e heuveltsjes ôf te roetsen. Us heit smarde faseline op 'e autodoarren, sadat dy net fêstfrieze soenen. Waard it glûpende kâld, dan holp in lange ûnderbroek of in pyjamabroek ûnder de klean. Dat wie noch ris in tiid!

Ik popele dan altyd om myn Fryske doorlopers, dy't geduldich op 'e solder fan 'e skuorre leine te wachtsjen, út it fet te heljen. Al krigen je ferklommen fingers fan it ûnderbinnen, ik wie der sljocht op. Us heit hie hockeyredens dêr't er prachtige krollen mei draaie koe. Hy koe ek hiel goed achterút ride. Sa tekene er grutte rûnten op it iis. Dat seach der sa swierich út dat oare reedriders faak stoppen om eefkes nei him te sjen. Ik wie sa grutsk as in pau op him en woe

dat ek leare. Dêrom sparre ik iverich foar keunstredens. Hy learde my it pearkeriden, lyk as op dy âlderwetske platen dy't op skoalle hongen.

Op myn keamer hong in foto fan Atje Keulen-Deelstra. Us mem weage har lykwols net op it iis. Sy hie as bern noait leard te reedriden om 't sy yn 'e tropen hikke en tein wie. Ze plakke sels pleisters ûnder de skuon om se stroef te meitsjen, sadat se bûten net sa gau útglidzje soe.

Mar as wy nei 'ús' Ard en Keessie op 'e tillevyzje seagen, seach se altyd wol mei. Dy stoere manlju riden net yn fan dy gleone, strakke reedriderspakken dêr't se tsjinwurdich as suertsjes yn oer in binnenbaan stride. Nee, mei in breiden mûtske op 'e kâlde kop flitsten se oer de iiskâlde bûtenbanen yn Oslo. Om de tiden fan alle riders by te hâlden hiene ús heit en ik in list mei alle nammen derop. Dêr skreaune wy de helle tiden achter. Lokkigernôch mochten wy mei in stikje bôle en in kom sop op 'e bank sjen, sadat wy neat fan it spektakel misse soene. Wy koene better net sop ite as de riders hast by de finish wiene, want as ien fan harren in medalje helle, spatte ús heit jûchheid oerein. Sa wie in kear de griene earte yn 'e rûnte sproeid.

Om de riders oan te moedigjen, songen wy:

'Ard en Keessie geef hem van katoen.

Eén van jullie tweetjes wordt straks wereldkampioen.

Ard en Keessie geef hem van katoen.

Als Ard het niet kan fiksen dan zal Keessie het wel doen.'

As der in Alvestêdetocht kaam, wie it hielendal feest. Dy fan 1963 wie it dreechst: in barre tocht yn 'e bittere kjeld. Reinier Paping waard de held. Us Jeen van der Berg wûn spitigernôch krekt net, mar hy stie wol op it tredde plak.

As ik in bruorke krije soe, soe dy grif Ard of Kees komme te hjitten. Mar Reinier klonk ek wol stoer. Dus doe't pake en beppe my nei in kear útfanhúzen en thús brochten, wie ik hiel benijd hoe't myn krektberne poppebruorke hjitte soe. Se flústeren en laken wat en seine dat it net Ard of Keessie hjitte.

Poer benijd slûpte ik op 'e teannen nei de widze. Dêr lei gjin Ard of Keessie, mar in lyts suske. Dit kadootsje hjitte fan...Atje! Krekt as Atje Keulen-Deelstra dêr 't ik in plaat fan op myn keamersdoar te hingjen hie. Mar der wie noch in moaie ferrassing foar my: ik krige de keunstredens fan beppe har buorfamke. Sa koe ik Atje letter it riden leare.

Vertaling naar het Fries door Margryt Poortstra, van het verhaal 'Die strenge winters' uit het boek *Ik weet nog goed...* van Joke de Jonge (2016, Uitgeverij SWP).

